

Leauwe yn Fryslân



*Ofbylding fan it skilderij Fryslân (A-638, 100x200 sm
te keap op www.vassilev.com) fan Peter Vassilev
(Sofia, 1943 - Frjentsjer, 2011)*

Kursus 'Leauwe yn Fryslân'

Oer leauwen en teology yn de Fryske kontekst

In projekt fan Stifting Krúspunt - Frysk Oekumenysk Platfoarm

Beskriuwing

Yn dizze kursus wurdt reflektearre op de situaasje fan tsjerke en leauwen yn de (histoaryske) kontekst fan Fryslân. Oan de hân fan de besteande teologyske fakken (histoarysk, Bibelsk, systematysk en praktysk) wurdt de kursist troch in ferkenningsstocht ynwijd op it mêd fan leauwen en teology yn de Fryske kontekst. De fraach yn hoefieren de Fryske taal en kultuer in eigen plak yn tsjerke en teology hawwe, foarhinne hân hawwe en ek yn de takomst fertsjinje, foarmet it hermeneutysk ramt fan de kursus. Fragen oer relaasje tusken evangeelje en kultuer komme dus elke kear werom: taal, kultuer, skiednis, lânskip, mienskip, leauwen en spiritualiteit.

De kursus wurdt holden by Nijkleaster te Jorwert. Dat betsjut dat de kursUSDagen yn in fêst ritme fan 'ora et labora' plakfine. Dêrmei hat dizze ferkenningsstocht net allinnich in kognityf mar ek in persoanlik-spiritueel karakter. De kursUSDagen besteane út in harkkolleezje yn de moarn en in wurkkolleezje yn de middei. De kursus wurdt oanbean yn in syklus fan trije jier. De kursist kin ién jier dielnimme of de ferkenningsstocht útwreidzje.

Doelstelling

It doel fan de kursus is dat de dielnimmers:

- mear sicht krije op leauwe/tsjerke/teology yn de Fryske kontekst,
- ûnderfine hoe't 'it evangeelje ûnderdompele is/wurdt yn de Fryske kultuer',
- de Fryske kontekst ferdiskontearje kinne yn de konkrete wurksituaasje,
- reflektearje kinne op de betsjutting fan de Fryske kontekst foar de teology,
- yn in setting fan rêst en ferstilling reflektearje op wurk en libben.

Kompetinsjes

De kursus draacht by oan (oernaam út it akkreditaasjekader fan de PThU):

1. Hermeneutische bekwaamheid. Het vermogen om methodisch, bereflecteerd en vernieuwend teksten, tradities, verhalen en praktijken in hun contexten en wisselwerkingen te lezen, te interpreteren, te verstaan en te vertolken en zichzelf hierbij te laten lezen, interpreteren, verstaan en vertolken.
4. Verbindende bekwaamheid. Het vermogen om in interactionele situaties verbindingen te leggen tussen cultuur en kerk, tussen traditie en dagelijks leven, tussen de plaatselijke kerk en de catholica.
6. Missionaire bekwaamheid. Het vermogen om a. te communiceren met mensen van fundamenteel verschillende achtergronden en levensbeschouwingen; b. eigen overtuigingen en geloof te verwoorden en te verkondigen in het besef van de specifieke context waarin dit gebeurt.

Doelgroep

Foar teologen (pastoraal wurkers, dûmny's en prysters) dy't harren ferdjipje wolle yn de Fryske kontekst fan leauwen, tsjerkemienskip en teology.

Oantal stúdzje-punten: 2 of 4 ECTS

Der wurde earst 4 stúdzjedagen oanbean. Ynklusyf de ferplichte literatuer stiet dat foar 56 oeren (2 ECTS).

Dêrnei folget de mooglikheid ta it skriuwen fan in artikel yn relaasje ta de tematiek fan de kursus. Dit proses wurdt begelaat troch de kursuslimeding troch twa ynterfyzjegearkomsten wêryn't de opset en de útwurking fan it artikel besprutsen wurde. Ek dit proses stiet foar 56 oeren/2 ECTS. It artikel (2000-3000 wurden) kin publisearre wurde op it webstee fan Krúspunt en eventueel yn in tiidskrift.

Toetsing

De dielnimmers hawwe in oanwêzichheidsplicht en skriuwe elke kursusdei in refleksjeferslach. De dielnimmers dy't in artikel skriuwe wurde begelaat en beoardiele troch de kursuslimeding. De kursus Leauwe yn Fryslân wurdt organisearre troch de Stifting Krúspunt. De organisaasje is yn hannen fan dr. Alex Riemersma, dr. Liuwe Westra, ds. Tytsje Hibma en ds. Hinne Wagenaar. De lêste twa fersoargje de koördinaasje fan de kursus.

Lokaasje

De lokaasje en setting foar de kursus is Nijkleaster te Jorwert. Dat betsjut dat de stúdzjedagen tagelyk ek kleasterdagen binne. It fêste ritme fan de woansdeis is:

- 9.15 Ynrin
- 9.30 Moarnsgebed
- 10.00 Kofje/tee mei kleasterkoeke
- 10.30 Programma diel 1
- 12.00 Kleastermiel yn 'Het Wapen van Baarderadeel'
- 12.45 Kleasterkuier
- 14.15 Programma diel 2
- 15.45 Koarte ôfsluting fan de dei
- 16.00 Ofskie en fuortgean

Kosten fan de kursus

Basis kursus (4 stúdzjedagen, 2 ECTS)	€ 450
Ynterfyzje en artikel (2 ECTS)	€ 100
Ferplichte reader	€ 20

Dosinten

- Alex Riemersma is lektor Frysk & Meartaligens yn Underwiis en Opfieding oan de NHL Stenden hegeskoalle.
- Liuwe Westra is ûndersiker oan it Centrum voor Patristisch Onderzoek.
- Hinne Wagenaar is pionier dominy foar Nijkleaster en foarhinne foarsitter fan Krúspunt.
- Tytsje Hibma is dûmny yn Arum-Kimswert en praktikumdosint Oplieding Geastlike Begelieding PThU.

Programma stúdzjedagen

De kursus wurdt oanbean yn in syklus fan trije jier. De kursist kin ién jier dielnimme of de ferkenningsstocht útwreidze.

Jier I: 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)

Yntroduksjemoarn op woansdei 28 juny 2017

- Ynlieding op de stúdzjedagen: In ferkenningsstocht op it mêd fan leauwen en teology yn de Fryske kontekst oan de hân fan de besteande teologyske fakken (histoarysk, Bibelsk, systematysk en praktysk).
- Romte foar ynbring fan de dielnimmers: Underfinings mei en fragen oer de relaasje tusken evangeelje en kultuer yn tsjerke, taal, mienskip, skiednis, lânskip, leauwen en spiritualiteit.
- Yntroduksjekolleezje: Sil de Fryske taal as taal fan it hert beskikber bliuwe, dan freget dat om taalplanning, om gebrûksmooglikheden yn it iepenbiere libben, om taalwil en taaloerdracht thús, op skoalle en yn tsjerke. Dosint: dr. Alex Riemersma

Dei 1. Histoaryske teology (20 septimber 2017)

Tema: Bonifatius en de kerstening fan de Fryske Lannen. Hoe en mei hokker strategy kaam it Kristendom yn de 8e ieu nei de Fryske lannen? In analyse fan it tinken en dwaan fan Bonifatius en syn kollega misjonarissen. Dosint: drs. Hinne Wagenaar

Dei 2: Bibelske teology (25 oktober 2017)

Tema: De geastlike wei fan de apostels. Oer 'Babel en Pinksteren' nei oanlieding fan haadstik 3 en 4 fan it boek 'Op ús eigen wize. Sân ferhalen

út it boek Hannelingen oer taal en kultuer.' Dosint: drs. Hinne Wagenaar

Dei 3: Systematyske teology (29 novimber 2017)

Tema: It belibjen fan de skepping en it skeppingsbegryp yn Fryslân. Gefolgen fan lânskip en taalfjilden foar teologyske begripen ferbûn mei Gods heit- en memmesteat. Mei tekstfoarbylden fan ferskate Fryske dichters. Dosint: dr. Liuwe Westra

Dei 4: Praktyske teology (17 jannewaris 2018)

Tema: Spoaren fan God yn it deistige libben & liturgy. Mei as kontekstuele foarbylden: libben en wurk fan Anna Maria fan Schurman en seizoensfeesten om Wobbelke Piersdochter hinne. Dosint: drs. Tytsje Hibma

Jier II: 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)

Yntroduksjemoarn op woansdei 27 juny 2018

- Ynliding op de stúdzjedagen en romte foar ynbring fan de dielnimmers.
- Yntroduksjekollezje: De status en it funksjonearjen fan in taal yn it religieuze domein wurdt mei fieden en fersterke troch beskikberens fan de hillige teksten yn de taal, te begjinnen mei it Us Heit en de Psalm-gebeden. De (folsleine) Bibeloersetting fersterket de taal-religieuze identiteit fan de taalbrûkers. Dosint: dr. Alex Riemersma

Dei 1. Histoaryske teology (19 septimber 2018)

Tema: 'Dope wa't mûnich is, sprekke wat bûnich is, yn it Kristlik leauwen frij, in died sribbet wurden foarbij.' De eigen kleur fan de reformaasje yn Fryslân ûnder ynfloed fan Menno Simons en de menniste beweging. Dosint: drs. Tytsje Hibma

Dei 2: Bibelske teology (17 oktober 2018)

Tema: De geastlike wei fan de Etiopyske eunuch. Oer 'Folk en Ras' nei oanlieding fan haadstik 6 fan it boek 'Op ús eigen wize. Sân ferhalen út it boek Hannelingen oer taal en kultuer.' Dosint: drs. Hinne Wagenaar

Dei 3: Systematyske teology (28 novimber 2018)

Tema: Jezus, reizgjend troch de lannen. Oer de dialektyk fan it himelske Ryk en it bêste lân fan d' ierde. Mei û.o. oandacht foar it begryp 'iepen mienskip' as kearnwurd fan de Fryske identiteit. Dosint: dr. Liuwe Westra

Dei 4: Praktyske teology (16 jannewaris 2019)

Tema: Spoaren fan God yn it deistige libben & gemeenteopbou.

Alde en nije foarmen fan ferbining, mei as kontekstueel foarbyld Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 en foarmen fan 'Mienskip'. Dosint: drs. Tytsje Hibma

Jier III: 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)

Yntroduksjemoarn op woansdei 26 juny 2019

- Ynlieding op de stúdzjedagen en romte foar ynbring fan de dielnimmers.

- Yntroduksjekolleezje: It taalgebrûk en taalbewustwêzen yn it religieuze domein – liturgy en pastoraat – stiet yn ferbining mei taaloerdracht en it funksjonearjen fan de taal yn oare domeinen: formele en ynformele sosjale libben, media en kultuer; mûnling en skriftlik. Dosint: dr. Alex Riemersma

Dei 1. Histoaryske teology (18 septimber 2019)

Tema: 'Dr. Wumkes en de Kristlik Fryske beweging yn de 20e ieu'. Oer ûntstean, striben en fruchten fan de 'eigen zuil' yn it 20-ste iuske Fryslân oan de hân fan libben en wurkjen fan Geert Aeilco Wumkes. Dosint: dr. Liuwe Westra

Dei 2: Bibelske teology (16 oktober 2019)

Tema: De geastlike wei fan Paulus. Oer 'Joaden en heidens' nei oanlieding fan haadstik 8 út it boek 'Op ús eigen wize. Sân ferhalen út it boek Hannelingen oer taal en kultuer.' Dosint: drs. Hinne Wagenaar

Dei 3: Systematyske teology (27 novimber 2019)

Tema: Geast en Tsjerke: 'Ik fiel jo winen waaien hjoed'. Oepke Noordmans as Frysk teolooch malgré soi. De tsjerken yn Fryslân as mienskippen fan bouwers en brekkers. De Fryske taalwil teologysk tsjut. Dosint: dr. Liuwe Westra

Dei 4: Praktyske teology (15 jannewaris 2020)

Tema: Spoaren fan God yn it deistige libben & diakonaat.

Skepping, skientme en meiminsklikens, mei as kontekstueel foarbyld it libben en wurk fan pater Titus Brandsma. Dosint: drs. Tytsje Hibma